

Moarnstsjinst PGM
op snein 2 novimber 2025
om 9.30 oere yn 'De Hoekstien te Hallum

Tema: David dûnset



Foargonger: Knillis Brouwer
Musikale begelieding: Harry Maring

Wurd fan wolkom.

Steande sjonge wy Liet 150:1,2

Loovje God yn 't hillichdom!
 Rop syn namme oeral om,
 heger as it firmamint,
 fierder as de sinne rint.
 Al wat libben hat op ierde,
 loovje Him yn syn hielal
 foar syn wûnders sûnder tal,
 Wol Him earj 'en hulde biede..

Rammehoarn mei sterke stim,
 harp en siter, loovje Him.
 Lit de wrâld yn wille wei
 Sjong' _en dûnsje troch de dei
 by de bekkens en de lieren.
 Set by tromm' _en tamboeryn
 heech it halleluja yn
 om in feest foar God te fieren!

Fotum en groetnis

Foargonger: Us help is yn de namme fan de Hear,
 Gemeente: de Skepper fan de himel en de ierde,
 Foargonger: Dy 't de trou hâldt oant yn ivichheid
 Gemeente: en dy't net opjout it wurk fan syn hannen.

Foargonger: Genede mei jim wêze en frede,
 fan God de Heit,
 fan Jezus Kristus ús Hear,
 yn de mienskip fan de Hillige Geast.
 Gemeente: Amen

Koarte ynlieding op tema 'David dûnset'

Sjonge: Lietboek 221:1,2,3

- 1 Sa freonlik en sa feilich as it ljocht,
 in mantel om my hinne alle dagen,
 sa is myn God, ik haw Him altyd socht,
 ik rop Him oan, bestoarmje Him mei fragen:
 Jo ha my makke, gean dan mei my troch,
 wol my behoedzje en op hannen drage.
- 2 Want wêr bedarre _ik, as ik Jo ferlear?
 Myn sykjen en myn swalkjen kaam gjin ein oan.
 Wêr soe ik bliuwe _as Jo net elke kear
 as ik wer foel, der wiene _om my te heinen?
 Bliuw by my of ik bin gjin minske mear.
 Yn lok en leed sil 'k útsjen nei jo seine.
- 3 O God, sprek no foar my jo wurd fan treast,
 wol my befrije en jo frede skinke.
 Lit freugde yn my brâne mear en mear,
 wol my mei leafde dei oan dei betinke.
 God fan myn libben, wês myn deistich brea,
 Jo, siel fan al myn bidden en myn tinken.

De bern gean nei de bernetsjinst

Gebed.

Sjonge as gebed by de iepening fan de Skrift: Liet 317

- | | |
|--|--|
| <p>1 Hear, Jo hawwe_it swijen brutsen,
 Jo ha sprutsen
 en jo stim klonk yn ús hert.
 Meitsje_it paad nei Jo begeanber,
 wês fersteanber;
 sprek Hear, jo gemeente heart.</p> | <p>2 Hear, jo boadskip dat beskreaun is,
 libben bleaun is,
 is in krêft yn ús ferlet.
 Sjoch it boek mei wat Jo sizze
 iepen lizzen;
 sprek Hear, jo gemeente heart.</p> |
| <p>3 Wol ús út it ûnlân helje
 dêr't wy dwelmje
 troch in frjemde stim beset.
 Bring ús nei jo stêd fan frede,
 út genede.
 Sprek Hear, jo gemeente heart.</p> | |

Skriftlêzing: 2 Samuël 6

Op 'e nij rôp David alle striidbere mannen fan Israel op, 30.000 man.

Doe briek David op en hy gong mei alle folk dat by him wie út Baäle Juda om Gods arke dêr wei op te heljen, dêr't de Namme oer útroppen is, de Namme fan de Heare Almachtich, dy't boppe de kearûb-ingels troanet.

Se rieden Gods arke op in nije wein; sa brochten se dy út it hûs fan Abinadab, dat op in heuvel lei. Oezza en Achio, soannen fan Abinadab, stjoerden de wein mei Gods arke en Achio rûn foar de arke út.

David dûnse mei al wat Israelyt wie út alle macht foar de eagen fan de Heare mei sang, by lieren, harpen, trommen, rinkelbommen en bekkens.

Mar doe't se by de terskflier fan Nakon kommen wienen, stiek Oezza de hân út nei Gods arke en pakte dy beet, want de oksen stroffelen.

Doe waard de Heare tige lik op Oezza en God sloech him dêr om syn ûnbetochtsumens dat hy stoar dêr by Gods arke.

David waard grimmitich, omdat de Heare Oezza sa'n swiere slach tabrocht hie en hy neamde dat plak Peares-Oezza en sa hjit it no noch.

Dy deis waard David bang foar de Heare en hy sei: Hoe moat de arke fan de Heare dan by my yn Jeruzalem komme?

En David woe de arke fan de Heare net nei de Davidsstêd bringe litte, mar hy liet dy fansiden ôfslaan nei it hûs fan Obed-Edom, de Gattyt.

De arke bleau trije moannen lang yn it hûs fan Obed-Edom, de Gattyt en de Heare segene Obed-Edom en syn hiele húshâlding.

Doe't se kening David fertelden, dat de Heare de húshâlding fan Obed-Edom en alles wat sines wie, segene hie fanwegen Gods arke, gong David hinne en brocht ûnder gejubel Gods arke oer út it hûs fan Obed-Edom nei de Davidsstêd.

Doe't de dragers fan 'e arke fan de Heare seis stappen dien hienen, offere er in bolle en in mest keal.

David dûnse út alle macht foar de Heare út, wylst er in linnen efod om hie.

Sa brocht David mei hiel Israel de arke fan de Heare op nei de Davidsstêd, ûnder jubel en it lûd fan rammehoarnen.

Knillis sjongt David dûnset: koeplet 1,2,3

Krekt doe't de arke fan de Heare de Davidsstêd ynkaam, seach Mikal, de dochter fan Saul, ta it finster út en hja seach kening David springen en dûnsjen foar de Heare út en hja hie ynwindich de gek mei him.

Doe't se de arke fan de Heare ynbrocht en te plak set hienen yn 'e tinte dy't David dêrfoar opset hie, offere David brânoffers en frede-offers.

Nei't David klear wie mei it bringen fan brânoffers en tankoffers, segene hy it folk mei de namme fan de Heare Almachtich.

Dêrop dielde David oan alle folk, de hiele mannichte Israeliten, sawol manlju as froulju, elk in rûne bôle, in dadelkoeke en in druvekoeke út. Doe gong it folk allegearre wer nei hûs.

Ek David gong werom, om syn húshâlding de segengroet te bringen.

En Mikal, Sauls dochter, kaam ta de doar út, David yn 'e mjitte en sei: Wat hat de kening fan Israel himsels hjoed in eare oandien, dat er him útklaaid hat foar de eagen fan 'e slavinnen fan syn tsjinnern, sa't de earste de bêste swankebast him sûnder skamte útklaait.

Mar David sei tsjin Mikal: Foar de eagen fan de Heare, dy't my útkeazen hat boppe jim heit en syn hiele famylje en dy't my oansteld hat as foarst oer it folk fan de Heare, oer Israel, ja, foar de eagen fan de Heare haw ik dûnse!

En ik sil my noch helte mear fernederje as niis en lyts wêze yn eigen eagen.

En mei de slavinnen, dêrsto it oer hiest, mei dy sil ik ta myn eare komme.

Mikal, Sauls dochter, hat oan har dea ta gjin bern hân.

Knillis sjongt - 'David dûnset' koeplet 4,5.

Sjonge liet 839 1,2,3,4

1 Ik dûnse en sette mei de skepping útein,
Ik dûnse en de sinne en moanne diene mei,
de wâljende wetters en it weagjende nôt
en alles wat dûnsje kin op 'e wrâld.

refrein: Dûnsje, ja dûnsje mar mei My.
Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.
Ik gean jim foar en helje jim derby
want Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.

2 De dûns waard fergetten en it ritme foel wei;
it liet fan 'e skepping feroare yn geklei.
Myn kommen op ierde brocht in gloednige wyn,
yn Betlehem sette de dûns wer yn.

refrein: Dûnsje, ja dûnsje mar mei My.
Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.
Ik gean jim foar en helje jim derby
want Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.

3 Ik dûnse foar blinen dy't my rôpen om ljocht.
Ik haw de ferskopten in nije takomst brocht.
Ik dûnse foar bern, sy wien' de kening te ryk.
Ik dûnse it liet dêr't it kwea foar wykt.

refrein: Dûnsje, ja dûnsje mar mei My.
Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.
Ik gean jim foar en helje jim derby
want Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.

4 De dûns liek te stûkjen, mar Ik parte it brea.
Ik dûnse út leafde sa sterk wol as de dea.
Dy leafde fernimsto no't Ik dûnsje mei dy,
de dûns fan 'e skepping, de dûns mei My.

refrein: Dûnsje, ja dûnsje mar mei My.
Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.
Ik gean jim foar en helje jim derby
want Ik bin de Hear fan 'e dûns, seit Hy.

Oertinking.

Sjonge: Meiinoar yn Jezus' namme.

Mei-inoar yn Jezus' namme
sjonge wy it heechste liet.
Want de Geast jout ús Syn namme,
taal, dy't elkenien ferstiet.
Biddend om Gods plan te kennen
binn' wy meiinoar op wei.
Sykjend, sjongend, tsjûgend, tsjinjend,
optein nei syn grutte dei.

Siz it oeral om ús hinne,
dat de Hear deselde bliuwt;
en syn leafde is de sinne,
dy't ús neare nacht ferdriuwt.
Hear, wa soe Jo keare kinne?
Minskewurk, dat minsken skiedt?
Oeral brekt Jo Geast trochhinne:
grinzen, muorren, stikeltried!

Hy oerwûn en waard ferhege.
Midsman, dy't foar ús ferstoar
Jezus iep' ne ús de wegen
nei de Heit en nei elkoar.
Hert en hannen heech nei boppen,
bringen wy Jo tank en ear!
Troch Jo Geast is't dat wy roppe:
'Jezus Kristus is de Hear!'

De bern komme werom út de bernetsjinst

Tanksizzing, foarbeden, stil gebet en ta beslút sjonge: ús Heit, (Liet 1006)

Jo dy't wenje yn 'e himel,
As in Heit mei ús begien,
Jou dat minsken ûnderfine
Lykas Jo is der mar ien.

Lear ús altyd te fertrouwen
Op in wrâld net spikerhurd
Op Jo ryk dêr't wy yn leauwe
En dat soms al sichtber wurdt.

Help ús om in oar te sykjen
 En te libjen nei Jo wil.
 Jou ús dei oan dei te iten
 Jou dat elk it goed ha sil.

Bring ús by it goed'en wize
 En net op't ferkearde spoar.
 Jou dat wy it bêste kieze
 Yn ús noed stean foar elkoar.

En ferjou ús wat ferkeard wie
 Bliuw net by ús fouten stean
 Sa't ek wy mei wa't ús kwea die
 Wer yn frede fierder gean.

Leave Heit wy meie witte
 Dat Jo krêft de ierde stjoert.
 Mei Jo ljocht kin'' minsken fierder.
 Hjir en nou en aanst, foargoed.
 Amen, Amen.

Steande sjonge wy ús slotliet 416

- 1 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
 wol oant wersjen oer ús weitsje,
 lit gjin kwea ús rigen reitsje.
 Hear, wês mei ús oant in oare kear.
- 2 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
 wol ús mei jo wjukken hoedzje,
 stypje as de stoarmen woedzje.
 Hear, wês mei ús oant in oare kear.
- 3 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
 wol de wegen foar ús sljochtsje,
 ús net nei ús sûnden rjochtsje.
 Hear, wês mei ús oant in oare kear.
4. Hear, wês mei ús oant in oare kear,
 as wy wurch en warleas binne,
 lit ús dan troch Jo oerwinne.
 Hear, wês mei ús oant in oare kear.

Seine: antwurde mei: Amen, amen, amen.

Wy gean sjongend de wrâld yn - Lit neat dy deare (Taizé Nada te turbe)

Lit neat dy deare - Lit neat dy skeine.
 Wa't oan God fêsthâldt fynt inkeld seine.

Lit neat dy deare - Lit neat dy skeine.
 Gean mei Gods seine.